

MIC - - Fryske Bibeloersetting

MIC - - Fryske Bibeloersetting

FBO_33-MIC-C1-7-F5 - ingevoerd in Paratext door BP op 250328

Micha

¹ It boadskip fan de HEAR oan Micha út Morêsjet, yn 'e tiid dat Jotam, Achaz en Hizkía kening fan Juda wiene; it fisjoen dat er sjoen hat oer Samaria en Jeruzalem.

² Harkje, folken, allegearre,
oandacht derby, alle bewenners fan 'e ierde.

Ut syn hillige timpel wei
sil God, de HEAR, tsjin jim tsjûgje.

³ Want sjoch: de HEAR dy't ôfset út syn wenstee!
Dan komt er del en stapt oer de hichten fan 'e ierde.

⁴ Under him rane de bergen
lykas waaks foar it fjoer,
spjalte de dellingen,
lykas wetter dat him yn de bedelte stoart.

⁵ Dat allegearre om de misdied fan Jakob,
om de oertrêdingen fan it folk Israel.

Wat de misdied fan Jakob is?
Samaria!
Wat de offerhichten fan Juda binne?
Jeruzalem!

⁶ Dan meitsje ik fan Samaria in púnbult op 'e romte,
grûn foar it plantsjen fan in wyngerd,
syn stiennen smyt ik de fallei yn,
syn fûnemint lis ik bleat.

⁷ Al syn goadebylden wurde oan barrels slein,
al syn huorrejeften opbrând,
syn ôfgodsbylden sil ik ferneatigje.
Want fan huorrelean hat er har meitsje litten
en ta huorrelean sille se wer wurde.

⁸ Lit my dêroer rouje en raze,
lit my op bleate fuotten, yn it bleate himd gean,
lit my janke as in jakhals,
gûle as it jong fan in strúsfûgel.

⁹ Want Samaria syn ûnheil sil net wer oerbetterje,
it is al oan Juda ta kommen,
it hat de poarte fan myn folk al berikt,
de poarte fan Jeruzalem.

¹⁰ Sis it net yn Gat,
skriem dochs net folút,

rôlje dy yn Bet-le-Afra
om yn it stof.

¹¹ Blaas mar foar jimsels op de rammehoarn,
ynwenners fan Sjafir,
de ynwenners fan Saānan komme net bûtendoar,
se skamje har foar har neakenens,
út Bet-Haësel klinkt in rouklacht;
dy stipe binne jim kwyt.

¹² De ynwenners fan Marot
hawwe wol op it goede hope,
mar fan de Hear is it kweade delkaam,
oan de poarte fan Jeruzalem ta.

¹³ Slaan it span hynders mar yn foar de striidwein,
ynwenners fan Lakisj,
dy stêd is foar Sion it begjin fan 'e opstannichheid,
ja, dêr wurdt Israel syn misdied oantroffen.

¹⁴ Jou dêrom Morêsjet-Gat
mar ôfskiedsgeskinken,
de huzen fan Achzib binne in ôffaller
foar de keningen fan Israel.

¹⁵ Nochris bring ik de besetter oer jimme,
ynwenners fan Marésja,
de pronk fan Israel giet hinne oan Adullam ta.

¹⁶ Skear dy keal, in keale plasse,
om de bern dy't dyn wille binne,
skear dy noch kealer, sa keal as in gier,
wannear't se yn ballingskip fierd binne, fier by dy wei.

² O wee, lju dy't kwea yn it sin hawwe, al ûnrjocht dogge wylst se noch op bêd lizze. Sa gau't it ljocht wurdt, meitsje se der wurk fan, omdat se de macht derta hawwe. ² Wolle se lân, dan pakke se it, wolle se huzen, dan rôvje se dy, se knipe in jongkeardel út én syn húshâlding, in man én syn erfdiel. ³ Dêrom – dit seit de HEAR – haw ik kwea yn it sin foar dat slach folk, in jok dêr't jimme de nekke net útlûke kinne, in lêst dy't jimme net rjochtoerein drage kinne. Ja, it wurdt in minne tiid. ⁴ Op dy dei sille se oer jimme in sechje oanheffe en dizze kleisang hearre litte:

'It is dien mei ús – sille se sizze –
wy binne hielendal ruïnearre,
ferpatst is it erfdiel fan myn folk.
Hoe kinne se it my samar ôfnimme
en ús ekers oan ôffalligen oerdwaan?!'

⁵ Dêrom, as yn 'e mienskip fan de HEAR it lân wer ferlotte wurdt, silsto net ien hawwe dy't foar dy it mjitsnoer útsmyt.

⁶ Hâld op mei preekjen, preekje se, sokke ferhalen ophingje docht men net, soksoarte skimpwurden reitsje kant noch wâl. ⁷ Hy hat syn tasizzing dien, hûs fan Jakob. Hat de Geast fan de HEAR dan sa'n bytsje geduld? Is dat syn manier fan dwaan? Dogge myn

wurden gjin goed oan har dy't op it rjochte paad geane? ⁸ Mar jim binne foar myn folk as in fijân dy't fanwegenkomt tsjin freedsume minsken. Foarbygongers dy't nearne erch yn hawwe, dy't ôfkearich fan striid binne, strûpe jimme de mantel ôf. ⁹ Jim jeie de froulju fan myn folk fuort út it hûs dêr't se lokkich yn wiene, har bern ûntnimme jim foar altiten de fleur dy't ik har joech. ¹⁰ Oerein, hjirwei! Hjir is de rêst net. Omdat it lân ûnrein is, bringt it ûnheil, in ferdjer dat jin troch alles hinne giet. ¹¹ Moat der miskien ien komme dy't yn ekstaze de boel byinoar liicht: 'Ik preekje dy fan wyn en sterke drank'? Sa'nien soe in sprekker nei 't hert fan dit folk wêze.

¹² Dochs sil ik Jakob hielendal byinoar bringe,
wiswier sammelje wat oer is fan Israel.
Ik bring har gear as lytsfee yn 'e koai,
as in keppel yn syn greide,
it sil der dreune fan it lûd dat al dy minsken meitsje.

¹³ Ommers, de trochbrekker is har foarop gien,
útbrutsen binne se, de poarte trochgien, nei bûten ta.
Har kening gie foar har út,
de HEAR stie oan it haad.

³ Mar ik sei: Harkje dochs, liederen fan Jakob, foaroanmannen fan it folk fan Israel, jimme soene it rjocht dochs kenne moatte? ² Jimme dy't it goede haatsje en it kweade leafhawwe, dy't myn folk it fel oer de nekke helje en har it fleis fan 'e bonken skuorre! ³ Mar wannear't se it fleis fan myn folk iten hawwe, it de hûd ôfstrûpt, it de bonken brutsen en yn stikken snien hawwe as moast it yn 'e fleispanne, as fleis yn 'e stoofpot, ⁴ dan sille se de HEAR wol oanroppe, mar hy jout har gjin antwurd. Yn dy tiid sil er him nearne noch nearne fine litte, mei't alles wat se dogge ferkeard is.

⁵ Dit seit de HEAR oer de profeten dy't myn folk ferrifelje, dy't fan frede roppe, salang't se wat te plúzjen hawwe, mar har de oarloch oansizze dy't har net wat foar de lekkere mûle jouwe. ⁶ Dêrom wurdt it nacht foar jimme sûnder fisjoen, tsjusternis sûnder foarsizzing. Foar dy profeten giet de sinne ûnder en wurdt de dei tsjuster. ⁷ De sjenners skamje har, de wiersizzers steane te kyk, se steane allegear mei de mûle fol tosken, want der is gjin antwurd fan God. ⁸ Mar ik, ik bin just fol enerzjy, fol fan de Geast fan de Hear, fan moed en sis wat rjocht is, om Jakob syn misdied oan te sizzen, en Israel syn oertrêding.

⁹ Harkje hjir goed nei, liederen fan Jakob, foaroanmannen fan it folk fan Israel, dy't in ôfgriis fan it rjocht hawwe en wat rjochtút is krombûge, ¹⁰ dy't Sion bouwe mei bloed en Jeruzalem mei ûnrjocht. ¹¹ Har liederen moatte omkocht wurde, wolle se rjochtsprekke, har prysters moatte sinten ha, wolle se ûnderrjocht jaan, har profeten moatte jild ha, wolle se in foarsizzing dwaan. Dochs rekkenje se op de HEAR, want se sizze: 'Is de HEAR net yn ús fermidden? Us sil gjin kwea oer komme'. ¹² Dêrom, om jimme sil Sion ta in stik lân omploegje wurde, wurdt Jeruzalem ien grutte púnbult en wurdt de timpelberch ta boskige hichten.

⁴ Oan 'e ein fan 'e dagen

sil de berch mei de timpel fan de HEAR

stean oan it haad fan de bergen,
fier boppe alle heuvels út.
Folken sille tastreamen,
² manmachtich komme de naasjes tasetten
en se sizze: 'Kom, lit ús nei de berch fan de HEAR gean,
nei de timpel fan Jakob syn God,
dat hy ús weiwiis makket
en wy syn oanwizingen opfolgje'.
Want fan de Sion ôf klinkt de ûnderwizing
en út Jeruzalem wei it wurd fan de HEAR.
³ Hy sil útspraak dwaan oer gâns folken,
en machtige naasjes fier fuort teplak sette.
Dan sille se har swurden omsmeie ta ploechizers
en har spearen ta snoeimessen.
Net langer nimt it iene folk it swurd op tsjin it oare folk,
want har wurdt net mear oanleard hoe't se oarloch fiere moatte.
⁴ Elkenien sil ûnder syn wynstôk
en ûnder syn figebeam sitte
sûnder dat ien har skrikke lit,
want de HEAR fan de legermachten hat sprutsen.
⁵ Op de wei dy't de folken geane, beropt elk him op syn eigen god.
Mar wy geane yn de namme fan de HEAR, ús God,
foar ivich en altyd.

⁶ Dy deis – útspraak fan de HEAR –
bring ik byinoar dy't kreupel geane,
bring ik gear dy't ferlern wiene,
ek har dy't ik kwea oandien haw.

⁷ Just dy't kreupel geane, lit ik oerbliuwe,
just dy't ferlern wiene, meitsje ik ta in machtich folk.
De HEAR sil kening oer har wêze op de berch Sion,
fan no ôf oant yn ivichheid.

⁸ En do, 'Toer fan de keppel', sitadel fan Sion,
op dy komt de hearskippij fan earder ta,
ja, dy komt ta it keningskip oer Jeruzalem. q ⁹ Wêrom moatst no sa raze?
Is der gjin kening yn dyn fermidden,
is dyn riedsman omkommen,
dat pine dy oangrepen hat
as wiest in frou dy't befalle moat?

¹⁰ Kronkelje fan 'e pine en raas it út, dochter Sion,
as in frou dy't befalle moat,
want no moatsto de stêd út
en dy delsette yn it frije fjild,
oantst yn Babel oankommen bist.
Dêr silst rêden wurde,

dêr sil de HEAR dy frijkeapje
út 'e macht fan dyn fijannen.

¹¹ No hawwe gâns folken de krêften tsjin dy bondele,
wylst se sizze: 'Lit Sion mar ûnthillige wurde,
dat soe ús in lust foar it each wêze!'

¹² Mar sokken hawwe gjin weet fan Gods plannen,
sy hawwe gjin doel oer syn beslút,
dat er har byinoar brocht hat as skeaven op 'e terskfljer.

¹³ Oerein en ferwâdzje har, dochter Sion,
want dyn hoarnen meitsje ik fan izer
en dyn hoeven meitsje ik fan koper,
datst in protte folken tepletterje silst.
Wat se stellen hawwe, silsto ferneatigje en sa de HEAR wijje,
har fermogen is foar de Hear fan hiel de ierde.

¹⁴ Bring dysels wûnen ta, frouwe Kriichsbinde,
no't se úteinset binne mei ús te belegerjen.
De rjochter fan Israel sille se
mei in stôk foar de bek slaan.

⁵ Mar do, Betlehem yn Efrata,

te lyts om neamd te wurden ûnder de famyljes fan Juda,
út dy sil foar my ien fuortkomme
dy't hearsker yn Israel wêze sil.
Syn oarsprong leit yn in fier ferline,
yn alâlde tiden.

² Dêrom sil er har net langer oan harsels oerjaan
as oan de tiid ta dat sy dy't yn ferwachting is har bern te wrâld brocht hat.
Dan komt wat oer is fan syn bruorren
werom by de soannen fan Israel.

³ Hy sil fanwegenkommme en har as hoeder weidzje
yn de krêft fan de HEAR,
yn de ferheven namme fan de HEAR, syn God.
Se kinne har deljaan,
no't syn gruttens rikt
oan de úteinen fan 'e ierde ta.

⁴ Sa fier giet de frede,
dat as Assyrië it weaget
om ús lân yn te fallen
en syn foet yn ús paleizen te setten,
wy tsjin him sân hoeders opstean litte,
nee, acht haadmannen út it gewoane folk.

⁵ Dy sille Assyrië kealslaan mei it swurd,
it lân fan Nimrod mei de dolk.
Sa sil er ús út de macht fan Assyrië rêde,

as dy ús lân ynfalt en syn foet op ús grûngebiet set.

⁶ Wat oer is fan Jakob

sil yn it fermidden fan 'e oare folken
wêze as in dauwe dy't fan de HEAR komt,
as maitiidsrein op it gewaaks
dat op net ien stiet te wachtsjen
en fan gjin minskebern ferlet hat.

⁷ Wat oer is fan Jakob sil ûnder de naasjes,
yn it fermidden fan 'e oare folken,
wêze as in liuw ûnder it wyld yn it wâld,
as in jonge liuw ûnder in keppel lytsfee.
As er delkomt, ferwâdet er en ferskuort er,
en der is net ien dy't rêdt.

⁸ Helje mar út nei dyn tsjinstanners,
dat al dyn fijannen útrûge wurde!

⁹ Dy deis – útspraak fan de HEAR –

rûgje ik de hynders út dy'tst hast
en help ik dyn striidweinen nei gychem,

¹⁰ rûgje ik de stêden út yn dyn lân
en helje ik al dyn fêstingen del,

¹¹ rûgje ik de tsjoenderskeunsten út dy'tst by de ein hast,
en is it dien mei dy wiersizzers fan dy,

¹² rûgje ik dyn goadebylden út
en de hillige stiennen dy'tst derop nei hâldst,
datst dy net langer delbûge kinst foar watst sels makke hast.

¹³ Ik rop de Asjrapeallen fan dy út de grûn
en fergriem dyn stêden.

¹⁴ Snuvend fan lilken nim ik wraak
op alle folken dy't net harkje woene.

⁶¹ Jimme, harkje goed nei wat de HEAR te sizzen hat, en do: oerein, iepenje foar it front fan de bergen in rjochtsaak,

lit de heuvels dyn stim hearre.

² Harkje, bergen, nei it pleit fan de Hear,
jimme dy't de ûnwrikbere pylders fan 'e ierde binne.

Want de HEAR begjint in rjochtsaak tsjin syn folk,
hy giet de konfrontaasje mei Israel oan:

³ 'Myn folk, wat haw ik dy misdien,
wêrmei haw ik dy ôfmêde? Antwurdzje my!

⁴ Ik haw dy ommers ophelle út Egypte,
dy ferlost út it slavehûs,
en ik haw Mozes, Aäron en Mirjam foar dy útgean litten.

⁵ Myn folk, bring dy dochs yn 't sin
wat Balak útprakkesearre hie, de kening fan Moäb,

en hoe't Bileäm, de soan fan Beör, dêrop yngie,
wat der bard is tusken Sittim en Gilgal,
datst de rjochtfeardige dieden fan de HEAR kenne soest.'

⁶ Wêrmei sil ik de HEAR temjitte gean,
my bûge foar de hege God?

Moat ik him temjitte gean
mei brânoffers of myn jongste bollen?

⁷ Soe de HEAR nocht hawwe oan tûzenen rammen,
oan tsientûzenen streamen olive-oalje?

Moat ik myn âldste soan jaan foar wat ik misdien haw,
myn bloedeigen bern foar myn sûndich libben?

⁸ Hy hat dy sein, minske, wat goed is,
wat de HEAR fan dy freget:

oars net as rjocht te dwaan, de trou te koesterjen
en dimmen te gean mei dyn God.

⁹ De stim fan de HEAR ropt de stêd ta – wa't mei ferdrach te wurk giet, hat ûntsach foar syn namme – : Harkje, jimme dy't beknipe en beknibbelje: ¹⁰ Binne der yn it hûs fan 'e goddelease nóch foarrieden fan ûnrjocht en in ferflokke krappe efa? ¹¹ Soe ik it gegriem mei ûnsuvere skealjes en in ponge mei falske waachstiennen goedkarre? ¹² Ja, de rikelju dêr sitte grôtfol geweld, har ynwenners hawwe nea wat oars dien as lige, se prate mei in ferrifeljende tonge. ¹³ Dêrom bin ik no begûn om dy te slaan, om hûs te hâlden fanwegen dyn missetten. ¹⁴ Do kinst no wol ite, mar sêd wurdsto net: do fielst dyn holle mage. Do kinst wol wat weistopje, mar it net yn feilichheid bringe, en watst ál yn feilichheid bringst, jou ik oer oan it swurd. ¹⁵ Do kinst wol siedzje, mar neat yn 'e skuorre bringe, do kinst oliven parsje, mar dy net mei oalje ynsmarre, troch de parskûpe wâdzje, mar gjin wyn drinke.

Do hâldst dy oan de regels fan Omri, en bliuwst by wat it hûs fan Achab die, mei har ideeën binne jimme fierdergien. Dat ik jou dy oer oan 'e ferneatiging en meitsje dyn ynwenners ta in oanfluiting. Jimme sille de skande fan myn folk drage.

⁷¹ Och earme, ik bin wurden as ien dy't it sammeljen fan 'e simmerfrucht oan 'e kant hat, it ôfsykjen fan 'e lêste druven dien hat: gjin drúf mear oer om op te iten, gjin iere fiich dêr't ik sa'n sin oan hie. ² Dy't trou wie, is út it lân ferdwûn, der is net ien mear dy't oprjocht is, allegearre loere se op bloed, elk besiket om syn neiste in strik te setten. ³ Sy hawwe in goede hân fan kwea dwaan: de haadling dy't ûndersyk docht, de rjochter dy't útspraak docht ... foar sinten. De machtige, hy sprekt krektlyk as it him ynfalt en sa haspelje se der allegear like mâl yn om. ⁴ Har bêsten binne as in toarnbosk, har oprjochtsten slimmer as in stikelhage. – De dei dêr't dyn wachters foar warskôgen, is kommen, de dei datst ôfstraft wurdst. – Dy strieminne lju, sy sille no sels yn 'e betizing komme. ⁵ Dyn freon moatst mar net leauwe, dyn maat mar net fertrouwe; flijt ien har del by dy op 'e skurte, hâld wacht oer de doarren fan dyn mûle. ⁶ It komt safier dat soannen har heit minachtsje, dochters yn opstân komme tsjin har mem, skoandochters tsjin har skoanmem, mei't ien syn fijannen yn syn eigen hûs wenje. ⁷ Mar ik, ik sjoch út nei de HEAR, ik wachtsje op God dy't my rêde sil, hy sil nei my harkje, myn God.

⁸ Frou fijân, wês net fleurich om my,
want al bin ik fallen, ik kom wer oerein;

al sit ik yn it tsjuster, de HEAR is myn ljocht.

⁹ De grime fan de HEAR sil ik drage
– want tsjin him haw ik ferkeard dien – ,
oant er foar my yn 'e pleit giet
en my rjocht docht.

Hy sil my út it tsjuster yn it ljocht liede,
en ik sil syn rjochtfeardigens sjen.

¹⁰ Frou fijân sil it sjen,
se sil har ta de teannen út skamje,
om't se sei:

'Wêr is de HEAR, dy God fan dy?'

Ik sil mei eigen eagen sjen hoe't it mei har ôfrint:

No wurdt se ferwâde as in blabberige reed.

¹¹ Der komt in dei om dyn muorren op te bouwen:
dy dei! Mar it momint dat dy oanbrekt, is noch fier fuort.

¹² Dy deis komme se op dy tasetten,
fan Assyrië oan Egypte ta,
fan Tyrus oan de Rivier ta,
fan see ta see,
fan berch ta berch.

¹³ Want de ierde wurdt in púnbult.

Dat is de frucht fan wat har bewenners diene.

¹⁴ Hoedzje jo folk mei jo stêf,
jo eigen keppel,
wenjend op himsels yn 'e bosk
midden op 'e Karmel,
dat se weidzje meie yn Basan en Gilead,
lykas fanâlds.

¹⁵ Lykas yn 'e dagen fan dyn úttocht út Egypte
sil ik myn folk bjusterbaarlike dingen sjen litte.

¹⁶ As de oare folken dat sjogge, moatte se har wol skamje,
hoe machtich se ek wiene,
lizze se de hân op de mûle
en wolle se har earen net leauwe.

¹⁷ Se kinne net oars: stof moatte se opslikje as in slange,
as it spul dat oer de grûn krûpt.

Bevend komme se út har hoalen,
de HEAR, ús God, temjitte,
en stjerrende benaud kinne se net oars as jo freezje.

¹⁸ Wa is God lykas jo,
dy't de skuld weinimt
en foarbygiet oan de misdied
fan har dy't noch oer binne fan jo eigen folk?
Hy bliuwt net foar altiten by syn grime,

want hy hat nocht oan goedens.

¹⁹ Hy sil wer begrutsjen mei ús hawwe
en ús skulden ûnder syn bewâld bringe.

Ja, jo sille al har missetten
yn 'e djipten fan 'e see smite.

²⁰ Jo sille oan Jakob jo trou jaan
en oan Abraham jo goedens,
dy't jo mei in eed tasein hawwe oan ús foarfaars
yn it fiere ferline.